

Faksin yn it koart foar **Spikevax (Moderna) tsjin COVID-19**

Foar bern fan 6 oant en mei 11 jier âld

Wêr is dit faksin foar?

Dit faksin beskermet jo bern tsjin it koroanavirus (SARS-CoV-2). As jo bern besmet rekket mei dit firus, kin it lêst krije fan klachten. Lykas koarts, hoastje, pine yn 'e kiel, in dripnoas en ferlies fan rook en smaak. In lyts tal bern wurdt yn it sikehûs opnommen.

Jo bern krijt dit faksin om foar te kommen dat it siik wurdt troch it koroanavirus.

Wêrom is der in faksin spesjaal foar bern?



Bern fan 6 oant en mei 11 jier krije itselde faksin as folwoeksenen. Mar der is wol in ferskil: bern hawwe minder faksin nedich. Se krije in prik mei 50 mikrogram. In folwoeksene krijt 100 mikrogram per prik fan itselde faksin.

Hoe komt it dat bern genôch hawwe oan 50 mikrogram per prik?

De ôfwar fan bern wurket sterker as by folwoeksenen. Ofwar soarget foar beskerming tsjin it koroanavirus. Bern meitsje mei minder faksin likefolle antystoffen oan as folwoeksenen. Dêrom is der in faksin spesjaal foar bern.

Hoe wurket dit faksin?



As jo bern nei de faksinaasje yn kontakt komt mei it koroanavirus, dan werket it lichem fan jo bern dit firus. It lichem fan jo bern hat dan al antystoffen oanmakke dy't jo bern beskermje tsjin dat firus. **Dêrtroch wurdt jo bern net siik of folle minder siik.**

Jo bern hat **2 faksinaasjes** nedich om goed beskerme te wêzen tsjin it koroanavirus. Fanôf 14 dagen nei de twadde prik is jo bern beskerme tsjin it koroanavirus.

Dit faksin wurket by bern like goed as by folwoeksenen. Ut ûndersyk docht bliken dat bern minder faksin nedich hawwe.

Se meitsje by 50 mikrogram per faksinaasje al likefolle antystoffen oan as folwoeksenen by 100 mikrogram per faksinaasje.

Hoe is dit faksin goedkard?

- Der is in protte ûndersyk dien nei de feilichheid en wurksumens fan dit faksin. Dy ûndersiken binne no tagelyk útfierd, yn stee fan nei inoar. Dat skeelt in soad tiid.
- De resultaten fan dy ûndersiken binne fuortdaliks beoardiele. Der binne gjin wichtige stappen oerslein.

Wannear kriget myn bern dit faksin?

Jo bern kin dizze faksinaasje krije as it 6 oant en mei 11 jier âld is. De Ryksoerheid bepaalt wa't in útnûging krijt foar dit faksin.



Jo bern krijt dit faksin **2 kear**. Jo bern krijt de twadde prik minimaal 4 wiken nei de earste prik.



Jo bern krijt de prik yn de boppe-earm.

Wichtichste warskôgingen

Freegje oan jo dokter oft jo bern dit faksin krije mei as jo bern:

- Earder in **allergyske reaksje** hân hat op in faksin.

It RIVM advisearret om in nije ôfspraak te meitsjen as jo bern:

- **Slim siik** is of **hege koarts** hat foardat jo bern de faksinaasje krijt.
- COVID-19 hat. Of as jo bern mooglik COVID-19 hat.
- De ôfspraak **mist** hat.

Wichtichste bywurkingen

Krekt as by oare faksins kin jo bern lêst krije fan bywurkingen. De measte bywurkingen krijt jo bern om't it faksin derfoar soarget dat de ôfwar fan it lichem begjint te wurkjen. Ôfwar soarget foar beskerming tsjin it koroanavirus.

Ut ûndersiken binne de folgjende meast foarkommende bywurkingen by bern bekend:

- Pine op it plak fan de prik (98%).
- Wurchgens (73%).
- Pineholle (62%).
- Spierpine of kâlde rillings (35%).
- Mislik wêze en spuie (29%).
- Pynlike en dikke lymfeklieren ûnder de earm (27%).
- Koarts (26%).
- Reade hûd op it plak fan de prik (24%).
- It plak fan de prik wurdt tsjok (22%).
- Pine yn gewrichten (21%).

Dy bywurkingen duorje meastentiids 1 oant 3 dagen.

Mear witte?

Hawwe jo fragen of twifels oer dit faksin foar jo bern? Lis dan oer mei jo dokter of apteker.

Sjoch foar de offisjele bysluter op [geneesmiddeleninformatiebank.nl](https://www.geneesmiddeleninformatiebank.nl). Gean foar mear ynformaasje nei [coronavaccinatie.nl](https://www.coronavaccinatie.nl).

Wolle jo in bywurking melde of dêr mear oer witte? Dat kin op [lareb.nl](https://www.lareb.nl).